

Oan: Provinsjale Steaten

Ljouwert, 16 desimber 2025

Ferstjoerd, **16 DEC. 2025**

Ús merkteken : 02455103

Domein/ Team :

Opsteld troch : 

Jo merkteken :

Taheakke(n) :

ûnderwerp : Ynformaasje nei oanieding fan fragen yn de Steatekommisje fan 10 desimber 2025

Achte Steateleden,

Yn de Steatekommisje fan 10 desimber l.l. is by de behanneling fan it agindapunt 'Autorisaasjemomint desimber 2025' in fraach steld, is by it ûnderwerp 'Tuskenevaluaasje Nota Greidefûgels' in tasizzing dien en is by it agindapunt 'Beliedsbrieff Leefberens' in tasizzing dien.

Fraach Ynnovaasjekluster Drachten

De fraach is steld wêrom't de subsydzje foar Ynnovaasjekluster Drachten op de subsydzjesteat 2026 ferfallen is. It antwurd dêrop is dat de subsydzje foar it Ynnovaasjekluster Drachten foar de kommende fjouwer jier regele is fia in eksploitaasjesubsydzje en dêrmei net op de subsydzjesteat 2026 hoecht komme te stean.

Tasizzing 'Tuskenevaluaasje Nota Greidefûgels'

It kolleezje hat tasein in tabel nei te stjoeren oer de aktuele stân fan saken oer de útfiering fan it kompensaasjebehear. Understeand diele wy de taseine tabel. Yn dizze tabel is oanjûn wat de aktuele stân fan saken is fan it Greidefûgelkompensaasjefûns. De nammen jouwe de gebieten oan dêr't ferplichtingen foar oangien binne yn ramt fan de greidefûgelkompensaasje.

Foar de behearlokaasjes 1 o/m 6 binne oerienkomsten ôfsletten foar greidefûgelbehear. De provinsje betellet dit behear streekrjocht of fia it Agrarysk Natuer- en Lânskipbehear út oan de behearders. Behearlokaasje 7 lit sjen foar hokker budzjet noch nije kompensaasjeplannen opset wurde moatte. Hjirbinnen wurdt in ûnderskied makke foar hokker gebieten. Foar projekt 7b en 7c wurdt in kompensaasjeplan opsteld. Foar projekt 7d is in kompensaasjeplan opsteld en is in bedrach fan € 100.000,- iepensteld troch de Subsydzjeregeling Biotoopferbettering Greidefûgelgerslannen foar ynrjochtingsmaatregels.

Behearlokaasje 8 is it restantbudzjet wat beskikber is foar de greidefûgelkompensaasje. Ut de provinsje wei binne der earder stoartingen yn it fûns dien om maatregels nimme te kinnen en om ekstra budzjet by projekten te finansieren. Ynkkomsten út it fûns komme út stoartingen fan gemeenten, ryk en provinsje. Fanwegen romtlike ûntwikkelings moat it foech hawwe om it ferlies fan areaal finansjeel te kompensearjen. Dit budzjet wurdt dêrnei brûkt foar behear, ynrjochtingsmaatregels of foar it ôfwurdearjen fan lânbouperselen.

Beheerlocatie	Naam	Inkomsten in het fonds	Reeds betaald uit het fonds	Nog verplichtingen/te betalen vanaf 2026	Restant beschikbaar /gereserveerd
1	De haak en Newtonpark	€ 5.122.115,94	€ 3.808.745,07	€ 1.288.928,00	€ 24.442,86
2	Wiarda	€ 791.348,50	€ 556.707,11	€ 209.706,14	€ 24.935,25
3	Techum	€ 228.182,40	€ 416.947,70		
4	Centrale as	€ 480.000,00	€ 346.739,25	€ 274.965,99	
5	Nij Hiddum Houw	€ 270.396,12	€ 93.762,25	€ 204.000,00	
6	Natuurmonumenten + Tjongervallei	€ 773.739,18	€ 575.032,42	€ 143.877,20	€ 54.829,56
7	Nog opzetten compensatieplannen	€ 818.511,11	€ 0,00		€ 333.994,83
7a	Dokkum e.o.				€ 214.621,92
7b	Jorwert e.o.				€ 55.934,89
7c	Lemmer e.o.				€ 100.148,79
7d	Bolsward e.o.				€ 113.810,68
8	Restant Weidevogelcompensatiefonds nog af te sluiten	€ 776.430,83	€ 357.836,66		€ 418.594,16
Totalen	Totalen	€ 9.260.724,08	€ 6.155.770,46	€ 2.121.477,33	€ 1.341.312,94

Tasizzing oer it bibliotheeknetwurk

It kolleezje hat nei oanleiding fan in fraach fan Steatelid Van der Weijde de tasizzing dien om Provinsjale Steaten neier te ynformearjen oer de wetlike taken dy't de provinsje hat yn it bibliotheeknetwurk. Hjirûnder fine jo dizze ynformaasje.

Rol biblioteken yn de Fryske mienskip

Elk jier binne der mear as twa miljoen besites oan in bibliotek yn Fryslân troch ynwenners. De biblioteken biede foar elkenien tichtby hûs tagong ta in libben lang lêswille, kultuer, learen en ûntwikkeljen.

De Fryske biblioteken soargje foar in wichtige sosjale ynfrastuktuer en drage sa by oan de leefberens op it plattelân en yn de stêd. De biblioteek is in iepenbiere foarsjenning dêr't elkenien wolkom is. Biblioteken biede in plak dêr't hiel ferskillende minsken inoar moetsje en yn petear gean. De biblioteek draagt by oan de lê- en taalfeardigens fan ynwenners troch it stimulearjen fan lêzen en foarlêzen, yn it Nederlânsk en Frysk. Taalfeardich wêze is in basisfeardigens dy't bydraacht by oan gelikense maatskiplike kânsen foar elkenien.

Wetlik ramt

De oerheden yn ús lân wurkje as ien oerheid gear oan in sterk biblioteeknetwurk. It netwurk fan iepenbiere biblioteekfoarsjennings (kêst 7 Wet Stelsel Openbare Bibliotheken) bestiet út de lokale biblioteken (gemeenten), de provinsjale stipeynstellingen (provinsjes) en de Keninklike Biblioteek (Ryk). Elke provinsje hat in *Provinciale Ondersteunings Instelling* (POI).

De taken fan de POI's binne omskreaun yn de biblioteekwet:

- | | |
|---------|---|
| kêst 16 | spesifike taken fan POI's: ynterbibliotekêr lienferkear en ûntwikkeling ynnovaasje |
| kêst 8 | netwurktaken dy't POI's ferrjochtsje mei lokale biblioteken en de Keninklike Biblioteek |

Taken Fers yn Fryslân

Fers is de namme fan de stipeynstelling yn Fryslân. Yn Fryslân stipet Fers: 41 biblioteekfêstiging, 26 biblioteken op skoalle, 161 plakken boekstart yn de berne-opfang, 52 lêskonsulinten (primêr ûnderwiis: 4 -12 jier en mbo) en boekstartcoaches (0-4 jier) en 36 digitaalhûzen (spesjaal ynrjochte plakken meastal yn biblioteken om te wurkjen oan digitale feardichheden). De stipe fan 'e biblioteken troch Fers bestiet út trije ferskillende taken/rollen:

1. Stiper biblioteeknetwurk: fersoargje ynterbibliotekêr lienferkear (distribúsje fysike boeken yn hiel Fryslân), provinsjaal kolleksjonearjen en saakkundigensbefoarding Fryske biblioteken. Stipe leverje op it mêd fan ICT, finânsjes en bedriuwsfiering, ymplemintaasje fan it lanlike systeem foar de digitale biblioteek (yn gearwurking mei de Keninklike Biblioteek/ryk).
2. Fernijer biblioteeknetwurk: fernijing en ynnovaasjes helpe ta en mei de Fryske biblioteken, fernijende projekten ûnder mear op it mêd fan it Frysk, Frysk Leesoffensyf.
3. Netwurker: oersetse lanlike ûntwikkelings nei Fryslân, koördinator Frysk biblioteeknetwurk, ynternasjonale kontakten, lobby, marketing.

Stjoering

De provinsje stjoert op de ynset fan Fers fia fuortgongspetearen tusken Fers en provinsje, petearrondes mei de biblioteekorganisaasjes ('klantperspektyf'), wurkbesites fan deputearren, it mearjierreplan fan Fers mei mei-inoar formulearre opjeften en heldere resultaten yn jierplannen.

Nije Biblioteekwet en IBT provinsjes

It kabinet wol in folweardige en tagonklike biblioteek foar alle ynwenners garandearje. Dêrom is OCW dwaande mei de tariedings foar oanpassing fan de Biblioteekwet, wêrby't de hjoeddeistige befoarderingsstaak fan gemeenten en provinsjes omset wurdt yn in soarchplicht. It foarige kabinet hat al fan 2023 ôf ekstra middels foar biblioteken beskikber steld, fia spesifike útkearingen (spuk-regeling) oan gemeenten. Dêrmei is úteinset mei it fersterkjen en reparearjen fan de biblioteeksektor, ek as tarieding op de soarchplicht.

Oan 'e nije soarchplicht is in ynterbestjoerlik tafersjoch (IBT)-rol foar de provinsjes keppele. In ûntwikkeling dy't bydrage kin oan it fersterkjen fan de provinsjale biblioteeknetwurken. De wet biedt romte oan de provinsjes om it IBT biblioteken yn te rjochtsjen op in wize dy't past by de eigen IBT-systematyk. De provinsjes wurde troch it Ryk kompensearre foar de kosten fan de útfiering fan dit IBT. Nei it yngaan fan de wet (2026) hawwe gemeenten dêrnei twa jier om te foldwaan oan de soarchplicht, fan dat momint ôf begjint formeel ek it tafersjoch troch de provinsjes.

Wy hoopje dat wy jimme fragen sa goed beäntwurde hawwe.

Deputearre Steaten fan Fryslân,

